De Koepel

72e JIERGONG
no. 8, septimber 2020

Doarpskrante foar Wytmarsum en omkriten

Redaksje:
Wim Beckers
Betty Popma - van Olst
Jellie Koops - Benedictus
Feikje Adema - van den Berg
Adri de Vries
Gerke Terpstra

Wij staan 24 uur per dag, 7 dagen in de week voor u klaar!

thuîsZorg zuidwest friesland

Annemarie Hannema is de wijkverpleegkundige bij u in de buurt. Samen met haar zorgteam Witmarsum biedt zij alle soorten zorg aan huis. Zo kunt u langer thuis blijven wonen of eerder uit het ziekenhuis naar huis gaan.

Annemarie komt graag voor een vrijblijvend gesprek bij u thuis.

Wijkverpleegkundige Annemarie Hannema
Tel.nr.: 0515 - 46 18 81
TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl
www.mijnantonius.nl/thuiszorg

verzorging & verpleging | hulp in de huishouding |thuishotel | thuiszorgtechnologie | thuisbegeleiding

Kat en Harke

Mei it swit op it gebit sit ik hjir it en  nijs te skriuwen. Ja switte woe it wol de lêste tiid. Sels siet ik yn myn twadde Heitelân Limburch, dêr lizze de temperatueren dochs al gau 5 graden heger as by ús hjir yn Fryslân. Boppedat mist men yn dat gloaiende lânskip mei syn loeiende klokken de wyn. Hjir ferflok je dy wolris, mar mei temperatueren rûnom de 36 graden snak je der nei. En as je dan yn it suden binne leit in besite oan Brussel, wêr Feiko, Carlotta en pakesizzer Orso wenje, fansels foar de hân.Dat wie trouwens krekt op tiid, want in pear dagen nei't wy dêr west wiene krige Brussel de Corona koade oranje. Yn dat lân bin se trouwens folle stranger as by ús. Mar ek dêr wurdt ferwachte dat men saken regionaal regeljen giet as dat nedich is. No moat jimme witte dat Brussel út in grut tal gemeenten bestiet en dy gemeenten ha soms hiel ferskillende regels. Sa kin it foarkomme dat yn de iene strjitte mûlekapkes ferplicht binne en in strjitte fierder (dy't yn in oare gemeente leit) net. Ja dy Corona hat ús mei syn allen goed yn de besnijing.

Wytmarsum wie de lêste tiid mar tige yn it nijs. Sa naam Klaas Haitsma yn in Simmer yn Fryslân ús mei troch Wytmarsum en liet de harkers en sjoggers nei Omrop Fryslân yn de kunde komme mei de Mienskipssin en alderhanne oare moaie saken yn ús doarp.Mar eilaas wie der de oare deis minder nijs te melden: Kafé De Gekroonde Roskam slút syn doarren. Hartstikke spitich en mei namme sneu, seker foar Arno en Gertina, mar likegoed foar ús as doarp! Want wer ferdwynt der in foarsjenning wer wy inoar moetsje kinne en aktiviteiten organisearje koene.

It is trouwens al mei al in nuver jier, want ek de tradisjonele merke moasten wy, troch de Corona twongen, oan ús foarby gean litte. Dat wie in ferstannich beslút mar spitich bliuwt it

fansels. Mar hawar oar jier mar wer ris sjen . Oan it waar sil it net lizze, want it tal tropyske dagen sil de kommende jierren allinnich mar tanimme.

Mar it libben giet gewoan syn wei mei hichte en mei djiptepunten. Sa ferstoar op 10 july NANNING LEIJENDEKKER. Leijendekker waard berne op 28 desimber 1935. Hy boaske 53 jier ferlyn mei Immie Louwsma, hja wennen oan de Gysbert Japikswei. Nanning en Immie krigen trije bern, Gerben, Nanne en Frâns. Hij hat jierren boer west oan de Easthimmerwei, wer no soan Nanne buorket. Wy winskje Immie, de bern en bernsbern de krêft ta dit grutte ferlies te dragen.

Op 20 augustus is HENK BERGSMA ferstoarn. Henk waard op 10 april 1946 as Hendrikus Johannes berne yn Eksmoarre. Hy wenne tegearre mei syn Truida oan de Arumerdyk en hja krigen twa bern, Melis en Arnold. Henk wie in man mei oergryslik folle gefoel foar humor, wie belutsen en hie in grut ferantwurdlikheidsgefoel. Sa wie hij lid fan SV Mulier fanôf it earste oere. Hy hold him rom 23 jier dwaande mei de fjilden en wat dêr sa mear bij hearde. Want al soe it him in hiele dei kostje, de fjilden moasten en soenen optimaal wêze. In echte ûnbetelbere klupman! Wy winskje Truida, de bern en bernsbern alle sterkte ta om dit grutte ferlies te ferwurkjen.

Mar it libben hat ek in fleurige kant, want sa kin ik jimme fertelle dat Klaas en Ineke Haitsma wer pake en beppe wurden binne, want op 5 augustus waard VAJÉN HAITSMA berne, dochter fan Klaas-Jan en Petronella en suske fan har grutte broer Timon. De lokwinsken bin foar de grutske âlders, broer Timon en pake en beppe fansels.
Lykas ik al sei is en bliuwt it in nuver jier, want hoelang wij noch yn de besnijing bliuwe fan Corona…..nimmen kin it size. Wol is ien ding wis, oare moanne is der wer in nije Koepel!

Wim

V&O

V&O Gymnastiekvereniging

Het is medio augustus als ik dit schrijf. Vanaf maandag starten de scholen weer, en dat betekent dus ook dat de verenigingen met een zomerstop binnenkort weer gaan beginnen.
Terugkijkend op een raar jaar met vele mooie dingen in het verschiet, maar door het Coronavirus is het allemaal anders gelopen. Op dit moment zijn wij als vereniging blij dat we onder voorwaarden de gymlessen kunnen en mogen hervatten. Het seizoen start op **maandag 7 september 2020.**
Voor het aankomende seizoen hebben we de volgende groepen samengesteld met de daarbij behorende leiding.

Kleutergym:
Woensdagmiddag O.l.v. Esther Hofstra.
· 16:00-16:45 Groep 1
· 17:00-17:45 Groep 2

Meisjesgym:
Dinsdagmiddag O.l.v. Selma Hibma.
· 15:00-16:00 Groep 3 en 4
· 16:00-17:00 vanaf Groep 5

Keurgroep:
Maandagmiddag O.l.v. Jitske Cats.
· 17:00-19:00

Damesgym:
Woensdagochtend O.l.v. Minny Walinga.
· 8:45-9:45 of
Vrijdagavond O.l.v. Jitske Cats.
· 19:30-20:30

Freerunning:
Donderdagmiddag O.l.v. Dave Sieperda.
· 16:30-17:30.

Herengym:

Vrijdagavond O.l.v. Jitske Cats.

· 20:30-21:30.

In 2019 is V&O gestopt met de springgroep. Als bestuur willen wij toch graag jullie informeren dat wij graag willen weten of er nog animo is voor een springgroep. Indien uw kind hieraan zou willen meedoen zou u dit ons dan kenbaar willen maken via: gymnastiekverenigingveno@gmail.com

Wij hopen erop dat het aankomende seizoen voor ons allen en iedereen anders zal zijn dan de afgelopen periode.

Namens V&O

Remco Gaastra

Kinderen van September in het pand aan de Van Aylvaweg 38

Mocht u opvang nodig hebben, informeer naar wat we voor u en uw kind(eren) kunnen betekenen.

Waarom kiezen voor de Kinderen van September:

Wij zijn kleinschalig met vaste pedagogische medewerkers, flexibel door onze openingstijden van 06:00 uur tot 18:30 uur en goedkoop, doordat wij alleen de afgenomen uren factureren. Wij vinden het belangrijk de kinderen een fijne, huiselijke opvang te bieden waar ze compleet zichzelf kunnen zijn en zich kunnen ontwikkelen. Bij ons geeft u een maand van tevoren de opvanguren door welke uiteindelijk worden berekend (ruilen en wijzigen is in overleg mogelijk). Onze uurtarieven sluiten aan op wat de belastingdienst vergoed.
Voor de BSO bedraagt het uurtarief €6,89 en voor de kinderopvang €8,02.
Meer informatie is op onze website te vinden.

De Kinderen van September

Van Aylvaweg 38 , 8748 CE Witmarsum 0517-210003
www.kinderenvanseptember.nl info@kinderenvanseptember.nl

Stichting Koepelconcerten

Reis met de Caprice in Koepelkerk te Witmarsum
Zaterdag 12 september 2020, 16.00 uur

Eindelijk weer een concert in de Koepelkerk te Witmarsum en wel een heel bijzonder concert door orgel en cello met de titel Reis met de Caprice. In 1995 schreef organist, musicoloog en componist Gert Oost de Caprice voor cello en orgel. Theatermaker/celliste (en dochter van Gert) Judith Oost en organist Simon Bouma laten de compositie na 25 jaar weer klinken en nemen het stuk als aanleiding voor een gevarieerde concertreeks rond het leven en werk van Gert Oost.
Op basis van een persoonlijk verhaal geven zij, in samenwerking met bijzondere gastspelers, een inkijkje in de duizelingwekkende wereld van orgels en organisten. Met een veelzijdig, verhalend muziekprogramma, laten Simon en Judith, vanuit hun eigen achtergrond als organist en organistendochter, horen dat het orgel veel meer is dan een instrument om psalmen mee te begeleiden in een kerkdienst. Het orgel heeft oneindig veel mogelijkheden. Er zit een heel orkest in de orgelkast verstopt en het is met zijn vele verschillende klankkleuren zelfs geschikt als theaterinstrument! Daarnaast belichten Simon en Judith met dit programma op een verfrissende manier de verschillende orgels en kerken die ze op hun reis tegenkomen.
Judith's vader groeide op in Friesland en verhuisde rond zijn 18e jaar naar de Randstad, waar hij zich ontwikkelde tot een bijzonder musicus. Van zijn werk als organist, musicoloog en componist is veel bekend, maar van de beginperiode in Friesland, zullen weinigen weten. Judith en Simon kozen ervoor om juist deze periode uit te lichten en Gert's voetsporen te volgen.

In Witmarsum speelden vader en dochter in 2007 samen in de theatervoorstelling ECHO van Theater Compagnie Barrevoet.

Gert was grensoverschrijdend in zijn werk.
Hij werkte met veel humor en plezier samen met musici en kunstenaars uit andere disciplines. Dat er met een orgel gefeest kan worden, wordt in Witmarsum al gauw duidelijk! Aan dit concert wordt behalve door Simon Bouma en Judith Oost meegewerkt door saxofonist Chris Corstens, acteur Martin de Nooi. Thema: Het theatrale orgel.

Vanwege de coronaregels is er beperkt plaats in de Koepelkerk te Witmarsum. Kaarten dienen vooraf te worden besteld en betaald. Reserveren via: marijkebaarda@ziggo.nl of 0517-531996. De entreeprijs is € 12,50 p.p. Vol is vol.

Meer informatie over de Reis met de Caprice is te vinden op: www.barrevoet.nl

SSHZ
SCHOONMAAK &
SCHILDERSBEDRIJF
H. ZIJLSTRA
06 54 99 58 90 WWW.SSHZ.NL

De Mouneboulers

2020 het jubileumjaar van de Mouneboulers, 20 jarig bestaan van een zeer levendige club!
Vanwege de Corona een paar maanden later dit lustrum gevierd, met aangepaste banen en voldaan aan alle voorschriften van het RIVM. We hebben een prachtige dag beleefd met onze leden, met wat lekkers bij de koffie en een buffet met soep, broodjes en sandwiches. Een dag met een gouden randje zo gezegd. De volgende dag bereikte ons het bericht dat vandalen met een mes hakenkruizen in onze nieuwe picknickbank hadden gekerfd en sigarettenpeuken hadden uitgedraaid. Een domper na zo'n prachtige dag. We hopen nog steeds dat de daders zich melden. Er is aangifte gedaan bij de politie.
Op 8 augustus jl. alweer een zeer geslaagd Buurman en Buurman toernooi. Vanwege de warmte 's ochtends al begonnen, de zitjes in de schaduw, genoeg te drinken, een ijsje en de heerlijke gehaktballen niet te vergeten! Later op de middag nog bitterballen van onze 'buurman' Camping Mounewetter.

Thuiszorg Patyna

Wie kunt u bij Patyna benaderen voor vragen over:
Wonen in Aylva State Josina van der Schaaf Teamleider 0517 531456 Josina.vanderschaaf@patyna.nl
Zorg in Aylva State Esmé Baarda Locatie verpleegkundige 06 21334903 Esme.Baarda@patyna.nl
Maaltijdvoorziening Aylva State Fokke Boschma/Benjamin Bartsma 0517-531456 Keuken.aylvastate@patyna.nl
Thuiszorg Patyna Marina Rustenburg Wijkverpleegkundige 06 83606917 Marina.Rustenburg@patyna.nl

KV Pim Mulier

Nieuws van kaatsvereniging Pim Mulier

Door het Corona virus moest er dit jaar helaas een aangepast wedstrijdprogramma worden vastgesteld. Ondanks de beperkingen verliep de organisatie van de kaatswedstrijden goed. Hierbij de uitslagen.

De Pier Elgersma partij voor jongens
Dit jaar geen Wytmarsumer Merke maar gelukkig kon de Pier Elgersma partij op 1 augustus 2020 wel worden georganiseerd. In de Afdeling bleek Dronrijp de sterkste. Witmarsum, met de kaatsers Jari en Nick Visser en Colin Baarda, behaalden een verdienstelijke derde prijs. De prijzen bestonden uit fraaie horloges mogelijk gemaakt door het Pier Elgersma fonds, Mechanisatiebedrijf D. Kuipers en Administratie- en belastingadviesbureau Sprikkeurs.

De Merke ledenpartij
De traditionele Merke ledenpartij was verschoven van maandag 3 augustus naar zondag 2 augustus 2020. Het weer was voortreffelijk en het bleef na afloop nog lang gezellig op het sportcomplex. Sponsor van de partij was kapsalon Up to Date. De uitslagen:

Heren tot 50 jaar:
1. Frans Dooper (koning) en Arno Burger
2.Sjoerd Atze de Jong, Melvin Tolsma en Thijs Piersma
3. Sander Elgersma, Jan Wierda en Jelmer de Vries

Heren 50 plus:
1. Martinus van der Meer (koning), Heinz Palsma en Harmen Westra

2. Jaap de Vries, Tjerk Goslinga en Klaas van der Vlugt
3. Teake Koster, Rens Bolkenstein en Oeds Broersma.

Dames:
1. Sandra Wagenaar, Femke Epema en Nynke Agema (koningin)
2. Andrea de Jong, Marja Elgersma en Maryan van der Molen.

De Elgersma Ledenpartij
Zondag 16 augustus konden de leden weer kaatsen op ons mooie sportcomplex. Schildersbedrijf Elgersma was bereid gevonden om als hoofdsponsor deze partij financieel mogelijk te maken. De kransen werden aangeboden door Attema Visgroothandel en JPW Handelsonderneming (Jeen Piersma). De uitslagen:

Heren tot 50 jaar:
1. Lammert Stellema, André Dijkstra en Eddie Huisman
2. Sander Elgersma, Hilbrand Smid en Siemon Ulbe Haringa
3. Jari Visser, Durk Cuperus en Michiel de Jong

Heren 50 plus:
1. Oeds Broersma, Sjoerd Nicolai en Martinus van der Meer
2. Reinder Koops, Rens Bolkenstein en Teake Koster.

Dames:
1. Angelique Buma en Sandra Wagenaar
2. Nynke Agema en Elske Feenstra.

De Verwende Vrouwenpartij.
Maar liefst 45 dames (15 parturen) waren zaterdag 23 augustus 2020 actief op sportcomplex It Fliet. Er werd vooraf een minuut stilte in acht genomen vanwege het overlijden van Henk Bergsma. Henk heeft zich jarenlang ingezet voor met name het onderhoud van de sportvelden waardoor er altijd gekaatst kon worden op een perfecte grasmat. . De verwende vrouwenpartij

werd mede mogelijk gemaakt door Zeedesign uit Witmarsum en schoonheidssalon Make Your Day. De uitslagen:

1. Nynke Agema, Tine Bosch en Klaaske Langenberg
2. Sieuwke Gietema, Ilse Yntema en Elske Hellinga-Koopmans
3. Janny de Jong-Walstra, Marije Agema-Keijzer en Thea Feenstra.

Het seizoen is afgesloten met straatkaatsen in de week van 31 augustus tot 4 september. Langs deze weg bedankt het bestuur alle sponsoren die, ondanks de moeilijke tijd, onze kaatsvereniging trouw zijn gebleven.

Namens het bestuur,
Simon Lemstra

Geraakt zijn wij door het onverwacht overlijden van ons gewaardeerd lid

Hendrik Bergsma

Wij wensen de familie veel sterkte met het verwerken van dit verlies.

Buurtvereniging " De Hikkesluters "

Heeringa
energieneutraal WONEN

www.
geenenergie
kosten.nl

Comfortabel wonen zonder energiekosten!

Geen energiekosten. Wie wil dat nou niet? Het zal u misschien verbazen,
maar energieneutraal wonen is niet alleen mogelijk voor een nieuwbouwwoning.
Ook uw bestaande woning kan een energierekening van **NUL** opleveren.

"Kijk op www.geenenergiekosten.nl en laat u informeren over het besparen van uw energiekosten"

geenenergiekosten.nl is een initiatief van:
Heeringa onderbouwt bouwen

De Tunen 17 I 8748 EG Witmarsum I 0517 533 080 I info@bouwbedrijf-heeringa.nl I www.bouwbedrijf-heeringa.nl

Gazelle en Puch-dealer
ook andere
merken
leverbaar

deelnemer
Nationale
Fiets Projecten

nieuwe en gebruikte
fietsen
en fiets verhuur

fietsreparaties
en fietsaccesoires

ELGERSMA
RIJWIELEN

Openingstijden:
maandag gesloten
dinsdag 9.00-18.00
woensdag 9.00-18.00
donderdag 9.00-18.00
vrijdag 9.00-20.00
zaterdag 9.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551
WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL

De Romkes

Pake is poer!

Sa ‘t jimme fêst wol witte beantwurdzje ik de mailtsjes dy myn pakesizzer oan myn ferstoane heit skriuwt. De lêste tiid haw ik net folle fan him fernommen. Dat is fansels net sa frjemd, want no‘t syn heit en mem it nêst under de beam lizze hawwen en it waar der ek net ta west hat de hiele dei efter de kompjoeter te sitten, kin ik it him net kwea ôf nimme. Der komt by dat de dokter my oanred hat om mar in pear wike op de pôlle te bliuwen want ik wie wat snotterig. Op himsels net sa ferkeard want nei it kafee siit der op it stuit dochs net yn.

En krekt der woe ik it wol efkes mei jimme oer hawwe want eins is it sa dat it skûm my op e bek stiet. It skilt net folle as ik haw it mes dwers yn e gaffel. Dat lêste haw ik fan ús mem want dy is hikke en tein yn Ikkerwâld dus it wâldpykebloed is my net alhiel frjemd. Sjoch, dat ik myn sigaarke smoke moat yn waar en rein op de stoepe fan de kroeg kin ik ûndertusken wol ynkomme, mar dat de “antismokers” no harren kop lykwols noch net sjen litte yn it kafee komt my oer as narjen. Mar hawar, it kin noch mâler sa hat blyken dien.

No bin ik min as mear ek grut wurden mei it kafee. Ús heit mocht op snein graach efkes mei de mannen op sneintemoarn pandoere by Sjoerd Kúperus en der waard ek net ien gearkomst troch him ôfsein al wie it allinne mar foar de neisit. Sa wit ik noch dat de bern dan de lêste sloffe apenuten opite mochten dy de jûns derfoar oer bleaun wiene.

Mar it kafee wie destiids mear de hûskeamer fan it doarp, mar fansels ek in soarte fan kreamkeamer fan tal fan ferieningen. It kin my net foar de geast komme dat Postma, Kooistra en Boersma eartiids de keatsferiening oprjochte hawwe ûnder de

preek. En de foutbalklup sil ek fêst syn histoarje yn ien fan de kroegen ha en ek de minsken fan it oktoberfeest hawe it feest grif net betocht yn Aylva-State.

Mar it kafeelibben hat my ek holpen op it rjochte paad bliuwen. Doe ik sa ald genôch wie om op sneon mei de grutte jonges my oan de toog del te jaan, kaam it mar al te faak foar dat ik op snein de preek noch net foar de helte mei krige (en ek net foar in part). Dat gie sels myn alden te mâl mar se koene der net rjocht fet op krije. Op in snein, ûnder it geniet fan een glêske, sei in boer dat hy myn help wol brûke koe. Syn frou wurde wat minder en ik soe him wol helpe kinne by it melken. Eltse sneintemoarn hânmelke, in stik as 15 kij, kealleboarne en mjuksje. 4 oere út bed en 5 oere los. Dan lere jo it wol ôf om oant moarnier yn de kroeg te hingjen. Letter haw ik fernaam dat ús heit dat mei him bekokstoofd hie. Hjoed de dei nimme se dat sosjale kontrôle. Mar sokke dingen leart jo ek nei te tinken.

Nei ferrin fan tiid koene wy yn it húske ús te wenjen sette njonken dyselde buorkerij.
De rûchskerne wie op noch gjin 5 meter fan ús sliepkeamerrút, mar útsein san ferdwaalde brune neef hiene we der gjin lêst fan. Ek net as it leanbedriuw yn de maaitiid de dong oer it lân riede. Doe Ifke swier wie fan ús Ronald binne wy ferhúze nei it doarp. Tusken de tsjerke en it kafee. Frou bliid, ik bliid. Yn it húske njonken de buorkerij kamen, sa as se it no neame “forenzen”. In oar slach folk, sis mar. De rûchskerne moast it ûntjilde en net folle letter de hiele buorkerij. En der wenje se no, yn harren “woonboerderij”. Se libje dêr op harren sels en wolle mei it doarp gjin gedoente hawwe. Harren net bewust hoefolle skea en ellende se mei harren gedram de boer en en syn frou oandien hawwe. Net folle letter binne se dan ek ferstoarn.

Dit ferhaal spielet my no al dagen yn kop om, no’t us lêste kafee de doaren ticht smiten hat. As jo jo earne te wenjen sette is it wol sa handich om foarearst ris om jo hinne te sjen yn hokker buurt as doarp jo komme te wenjen. As jo dan sa nedich stief by

in kafee wenjen geane kinne jo op de klompen oan fiele dat der yn e jûnstiiden oare gelûden oer de stritte geane as bygelyks ticht by in bankgebou. Myn wrakke bealch lit net mear ta, mar mei it strjitkeatsen soe ik der bot niget oan ha en besykje de bal earne troch it rút te fegen.

Noch mar in goeie ried fan pake; As jo hjir noflik wenje wolle sille jo je oanpasse moatte en foaral meidwaan. Ferienings by de fleet dus der moat altyd wat foar jo by wêze. Sa komme jo der tusken, en as it oan de foarkant stjonkt, besykje it dan ris oan de efterkant.

“De krode wol wol rôlje, mar jo moatte him al skowe”

OarsAsOars

Oktoberfest gaat de lucht in!

Wanneer het bestuur de koppen bij elkaar steekt op een een fraaie zondagmiddag in juli, is het eigenlijk al duidelijk. Een agenda is er niet gemaakt, en als die er al zou zijn, dan zou die alleen het punt “aflassen van het oktoberfest 2020” bevatten. Immers, de meeste dorpsfeesten hadden er voor dit jaar het bijltje er al bij neergelegd. En toen we kregen te horen dat ook “De Nacht Fan Boazum” dit jaar niet doorgaat was het eigenlijk ook voor ons een uitgemaakte zaak. Volgend jaar maar weer.

Maar al pratend en OH-end kwamen er toch wat ideetjes ter tafel. Immers de stichting heet niet voor niets OarsAsOars, dus eigenlijk zijn we het ook wel aan onze stand verplicht om toch met iets te komen.

Wat als we nou eens in een loods gingen, wat als we er een radiozender bij zetten, wat als we eens wat centen gingen ophalen voor een goed doel, wat als……..

Je begrijpt het al. Achter de schermen zijn we plotseling weer druk doende om alles te realiseren. Zendvergunning aanvragen, bier en fris regelen want er moet natuurlijk ook wat gedronken kunnen worden.
Mogen er mensen bij zijn? Ja, dat is wel even een dingetje natuurlijk. Maar met alle van overheid opgelegde beperkingen menen we toch rond de 50 mensen binnen kunnen te laten. Afhankelijk van de drukte zal er een tijdslimiet ingesteld worden.
Maar vrees niet, want misschien kun je niet naar ons komen, dan komen we naar jou via de radio. Zo kun je rechtstreeks op de hoogte blijven van het wel en wee van de feestlocatie.

We beginnen op **vrijdag 9 oktober** en zullen gewoontegetrouw stoppen op de zondagavond.

Natuurlijk hadden we ons 10-jarig jubileum anders voorgesteld maar we roeien even met de spreekwoordelijke riemen. Houd dit medium in de gaten, want alles is nog vers, maar zodra er nieuws is zullen we dat hier kenbaar maken.

Mocht je radio reclame willen maken tijdens het Oktoberfest dan kan dat. Er hoeven geen dure promo's gemaakt te worden, maar we noemen regelmatig de namen van de sponsoren.

De baten willen we toe laten komen aan 1 of meerdere goede doelen. Mocht je een idee hebben laat het ons gerust weten, maar dan wel met een gefundeerde onderbouwing.

namens het OktoberfestTeam Wytmarsum:
Cees, Anneke, Jan, Egbert, Leslie, Eppie, Niels en Egbert-Jan

Ynstoerd

It jeepke fan boer Smid

Wytmarsum is in keatsersdoarp, mar it leit wat êfterôf
Foarhinne teach men geandefoet nei “Bond of Aldehou”
No binne de tiden sa rêstich net mear,
It jachtsjen hat ’t minskdom no beet
Wytmarsumer keatsers dy seine “Hoe no?”
Mar wa wie de rêder yn need?

It jeepke fan boer Smid, der’t it noflik sa yn sit
Dat bringt al ús keatsers nei eltse striid
Us jonges juniores komme grif op tiid
Dat jeepke fan boer Smid, dat seit ús allegear dit
Hat elts safolle der foar oer
As dizze golle Fryske boer
Dan bliuwt yn Wytmarsum it keatsen bestean
En sil it nea fergean!

Op sneontemiddei en op snein, boer Smid dy is presint
It leit net oan him dat it doarpspartoer de earste priis net wint
Nei Wurdum, Sint Japik en Bitgum der by
De jonges komm’fit op it fjild
De keatsklub en jonges bin tankber, want nea
Wurdt praat oer beleaning yn jild

Wat rydt yn Kimswert oer it lân, wa fljocht nei Surch ta?
In weintsje efter it jeepke oan, as skoalbern keatsen ha
Wat stiet op’e hoeke fan ’t keatsfjild te Ljouwert?
Wa fljocht dêr de strjitwei sa lâns
It liket wol feest, ’t is in jeepke mei grien
Wytmarsum wûn wer ris de krâns!

Wat winskje wy ús foarman ta, foar alles wat hy docht
Ta heil fan ’t keatsen yn ús doarp, in bulte keatsersnocht
En mei it sa wêze dat ienris syn soan
De prizen behellet mei glâns
Dan is dat de moaiste beleaning foar Smid
Oan ’t jeepke komt Folkert syn krâns

Skreaun troch master Roel Bergsma
Ynstjoerd troch Roel Ewouts,
âld-Wytmarsumer, wenjend yn Hoorn, Terschelling

Yn’t ferline

Wy freegje noch altyd de help fan alle Koepel lêzers, freonen en bekenden, foar byldmateriaal, ferhalen, deiboek, gedichten, stikjes, persoansbewiis, ensafuorthinne, út de tiid fan 1940–1945. Dizze kear hawwe wy in ferhaal fan in doarpsgenoat.
It ferhaal fan Willy Postma – Bruinsma oer de nacht fan 16 op 17 april 1945.
“Wy (famylje Jelle Bruinsma) wennen op it Haijehiem en myn heit leit yn in houten hokje (tintsje) mei T.B.C. en astma en ik lei mei it selde yn de keamer foar it rút. Dat rút koe omheech skoot en ik krige dan fan it ferset it krantsje fan “Oranje”, dy koe heit lêze en waard letter wer ophelle. Op ‘ e neimiddei fan 16 april socht heal Wytmarsum in ûnderkommen foar de nacht want men wie bang dat de Dútsers fan Penjum wolris op Wytmarsum sjitte koene. Wy koene nearne hinne. Foardat wy it wisten stiene in stik as 6 of 8 Kanadezen by ús op it hiem. Foar ús ruten begûnen in pear soldaten in sjitfuorge te meitsjen, sa djip dat se der yn lizze koene. De jûns waard heit út syn tintsje reage want dat wie te gefaarlik, hy moast yn ‘e bedstee lizze. Se wurken yn ploegetsjinst en twa lein by ús oer de flier. Ien kaam mei in putsje oansetten, wy snapten er neat fan mar doe pakte

hy it stektsjetteltsje fan de grûn en hong it putsje der boppe en doe krigen wy ien de gaten dat it tee wie. It Kanadees, hat in protte Fryske wurden en mei hannen en fuotten kamen wy der wol út. We fjilden ús tige feilich me de Kanadese soldaten yn 'e hûs. Mem hat nea op bêd west dy hie it te drok mei tee setten. Mem helle it fotoboek út it kabinet en liet in Kanadese soldaat in foto sjen fan my en in foto fan Mem, myn broer Wynzen en de poes Mieke. Dizze is nommen by ús thús troch fotograaf Durk Boersma fan Penjum. De foto's wiene nommen foar ús heit dy't doe yn it sikehûs lei yn it Hearrenfean. Doe sei dy jonge soldaat fan in jier as 18-20 "ik like wol wat op syn ferloofde". De oare moarns binne se yn de tank stapt en nei Penjum riden, mar folle Dútsers wiene der net mear. Letter kamen se werom nei Wytmarsum ta en boppe op dy tank lei in soldaat dy't omkommen is yn Penjum en lit dat no dy jongeman wêze dy't by ús yn 'e hûs wie en dy sei dat ik op syn ferloofde like. Mem en ik stiene oan de kant fan de Penjummerdyk te gûlen, sa'n jonge dy it libben ferlear foar ús befrijing fan de Dútsers."
Op de foto fan lofts nei rjochts: Pietje Bruinsma – Bekkema, Wynzen Bruinsma en Willy Bruinsma.
Minsken as jimme ek sokssawat ha, kom nei ús ta. Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: evertzwier@outlook.com

Betanke

Ut eltse dei dat de sinne skynt,
moatte wy kreft en reserves putte,
om it letter wer útjaan te kinnen…
G.A. 1943

Betanke foar jimme meilibjen, doe't wy ôfskie nimme moasten
fan ús leave mem, beppe en âlde beppe

Grietje de Vries-Anema

Adri, Klasien, Janet & Jan Willem, beppe- en oerbeppesizzers

Wytmarsum, augustus 2020

Hartverwarmend waren de vele reacties na het overlijden
fan myn leave man, ús heit, pake en oerpake

Yme Joustra

deze bieden ons troost om in deze moeilijke tijd verder te gaan.
Bedankt voor uw steun en medeleven.
J.S. Joustra-Leijendekker
kinderen, klein- en achterkleinkinderen

Witmarsum, augustus 2020

Agenda

5 september	Trucktour Súdwest Fryslân. Zie ook: https://trucktour.frl
12 september	Stichting Koepelconcerten 16.00 uur , Koepelkerk. 'Reis met de Caprice '. Zie ook het bericht in deze Koepel.
2 oktober	Ald papier foar Nij Libben Fanôf 7.00 uur oan de dyk

Heeringa
onderbouwt bouwen
De Tunen 17 | 8748 EG Witmarsum | T.: 0517-533 080 | F.: 0517-533 090 | W.: www.bouwbedrijf-heeringa.nl

Wij (ver) bouwen geheel naar uw wens. Onder praktische begeleiding, van het initiatief tot het ontwerp, bij de aanvraag van uw vergunningen en de technische realisatie.

Kennis door ervaring, efficiënt en doordacht.

Korte lijnen, eigen personeel en duidelijke afspraken.

Bel voor vrijblijvende informatie;
0517-533080

Kolofon

Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:

PCOB Wûnseradiel
PKN Wytmarsum
St. Koepelconcerten
St. Oars as Oars
Popkoar Wytmarsum
Gymnastiekver. "V. en O."
Muziekver. "Nij Libben"
Toneelver. "Surprise"
Perm. Commissie"
Kaartclub "Elk wat Wils"
E.H.B.O.
Bejaardensoos
"De Koepeldûnsers"
K.V. "Pim Mulier"
Sportvereniging "Mulier"
Ver. voor Dorpsbelangen
Ondernemersvereniging Witmarsum
Tennisclub
IJsclub
Sticht. Zwembad "Mounewetter"
Zangver. "Scheppingsgave"
Vogelwacht
Graach Dien
Jeu de Boules ver. "De Mouneboulers"
Begr.-Crematiever. "De laatste Eer"
Triatlon Witmarsum
Aylva State
Stichting Ekspedysje Wytmarsum
Vrouwen van Nu Witmarsum e.o.
MFC It Fliet
Loopgroep Witmarsum
Trekkerdei Witmarsum

Til. nr sekretariaat: 0517-531205

De kopij foar de oktober Koepel moat uterlik 18 septimber ynlevere wurde fia de mail: redactie@dekoepel.frl en famyljeberjochten ek byAdri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.

Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.

Berjochten foar de agenda nei: agenda@dekoepel.frl

Tariven 2020

Meidielings/advertinsjes 1 bledside	€50,-
Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside	€30,-
Famyljeberjochten/betank-advertinsjes	€15,-
Bertekaartsjes	€15,-

De Koepel komt 11 kear yn it jier út.

Post-abonnees dy't net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy't lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!
Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201

Internet

Homepage: **www.dekoepel.frl**
E-mail adres: **redactie@dekoepel.frl**
Facebook: **webmaster@dekoepel.frl**

Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen

Nieuwbouw Verbouw Renovatie Modernisering

Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre? Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

www.hofstrabouw.nl